

# Tomke

**ferslach**  
*verslag* **2017**



## Frysk

Jierferslach 2017  
Jiergong 21  
Tema: Seizoenen

**TOMKE**

# Ynhâldsopjefte

Foaropwurd

## 1. It Tomke-projekt

Wa is Tomke? Wat is it Tomke-projekt?

Materialen foar pjutten en opfieders

Ynformaasje foar professionals

Organisaasje fan it Tomke-projekt

Finansiering

## 2. Ferslach fan it jier 2017

Tema 'Seizoenen'

Aktiviteiten foar en mei pjutten

Ynformaasjefoarsjenning en materialen

foar professionals

Materialen foar pjutten en opfieders

## 3. Leden fan de Tomke-wurkgroep

## 4. Finansjeel ferslach 2017

Taheakke 1: Partisipearjende organisaasjes

# Foaropwurd

It is 1996 as Fryslân foar it earst yn 'e kunde komt mei Tomke. Yn goed tweintich jier is Tomke útgroeid ta miskien wol de meast ferneamde pjut fan ús provinsje. De hûnderten aventoeren fan Tomke, Romke, Yana Yu en Kornelia hawwe foar hiel wat noflike (foar)lêsmominten soarge. Hoewol't Tomke sels yn de rin fan de jierren wol wat feroare is, is it doel fan it Tomke-projekt noch altyd aktueel: soargje foar in rike, meartalige omjouwing sadat de taalúntwikkeling en de lêswille fan bern stimulearre wurde, yn it Frysk likegoed as yn it Nederlânsk.

De Tomke-wurkgroep betanket alle subsydzejouwers en elkenien dy't op hokker wize ek yn de ôfrûne tweintich jier hydroegen hat foar harren ynset. Sûnder dy ynset en sûnder dy (finansjele) stipe hie Tomke nea sa'n sukses wurde kinnen. Wy biede jo hjirby it ynhâldlik ferslach en de finansjele ferantwurdiging fan 2017 oan.

De koördinatoaren fan it Tomke-projekt,

Gertrud Palstra (BSF)

Tjitske van Dijk (Afûk)

# 1. It Tomke-projekt

## ***Wa is Tomke? Wat is it Tomke-projekt?***

It Fryske foarlês- en taalstimulearringsprojekt, it Tomke-projekt, hat dy namme om't alle materialen en aktiviteiten basearre binne op ferhalen oer de pjut Tomke. Tomke is in jonkje fan trije jier dat allegear aventoeren belibbet mei syn hûntsje Romke, Kornelia de Kangoeroe (mei har boekebûdel) en it buorfamke Yana Yu. Se prate allegearre Frysk.

It Tomke-projekt rjochtet him op bern fan 2 oant 4 jier en harren opfieders. It projekt wol âlden en liedsters fan pjutten ynformearje oer it brûken fan taal yn 'e omgong mei jonge bern. Foarlêze, ferskes sjonge, (taal)spultsjes en oandacht foar de deistige saken binne wichtich foar it lizzen fan in goede taalbasis. Dat jildt foar alle talen, dus ek foar it Frysk: bern dy't harren memmetaal goed behearskje, kinne makliker in oare taal leare. Ut ferskate wittenskiplike ûndersiken docht bliken dat lêsbefoarding in goede taalûntwikkeling ta gefolch hat. In goede taalûntwikkeling en meartaligens hawwe in geunstige ynfloed op de kognitive en sosjaal-emosjonele ûntwikkeling. In goede taalfeardigens hat ek in positive ynfloed op it sukses op skoalle. It Tomke-projekt hat as doel om de Frysktalige lêskultuer dy't bern yn de foar- en ierskoalske leeftiid om harren hinne meimeitsje te befoarderjen om úteinlik harren taalûntwikkeling en lêsgedrach te stimulearjen, likegoed yn it Frysk as yn it Nederlânsk.

## ***Materialen foar pjutten en opfieders***

In wichtige opdracht foar it Tomke-projekt is it ûntwikkeljen en oanbieden fan Frysktalich materiaal dat yn in meartalige foarskoalske omjouwing brûkt wurde kin. Oer it generaal hawwe bernsintra en gastâlden net in soad middels foar materiaal en (by) skoalling as it giet om it kreëarjen fan in Fryske taalomjouwing. It Tomke-projekt foarsjocht dêryn. Troch it (foar)lêzen yn de Fryske taal en it brûken fan eigentiidske materialen wurdt in ferantwurde basis lein foar de taalûntwikkeling fan pjutten. Dat jildt net allinnich foar Frysktalige bern, ek by net-Frysktalige bern hat bliken dien dat sa'n oepak goed wurket om op in noflikke wize yn 'e kunde te kommen mei de Fryske taal. It materiaal nûget út om fuort te brûken. Dat befoarderet de akseptasje by it grutte publyk en it brûken dêrfan as middel foar taalûntwikkeling yn in meartalige omjouwing. De ferskate uteringen, lykas it Tomke-boekje, de tv-aventoeren en de Tomke-website,

binne ynhâldlik opinoar ôfstimd. Dat befoarderet werkenning en makket de akseptasje sterker.

## ***Ynformaasje foar professionals***

Foar liedsters, meiwurkers en oare professionals dy't harren dwaande hâlde mei it jonge bern binne der foarljochtingen, de Tomke-nijsbrieven en de Tomke-website [www.tomke.nl](http://www.tomke.nl). De foarljochtingen binne ornearre foar it oerdragen fan kennis. De Tomke-nijsbrief befettet ynformaasje oer aktiviteiten en nije materialen. Boppedat is de Tomke-website ek in wichtige ynformaasjeboarne.

## ***Organisaasje fan it Tomke-projekt***

It Tomke-projekt wurdt struktureel folge en fierder ûntwikkele troch in gearwurkingsferbân fan ferskate organisaasjes, dy't der tiid, minsken en jild ynstekke. It projekt stiet ûnder tafersjoch fan it PLF (Platfoarm Lêsbefoarding Fryslân).

De algemiene projektkoördinaasje is in mienskiplike ferantwurdlikheid fan de Afûk en Bibliotheekservice Fryslân (BSF). Dêrby hat de BSF in algemiene koördinearjende taak, fersoarget de subsydzje-oanfragen, it jierferslach en de finansjele ferantwurdling. Boppedat nimt de BSF it inisjatyf foar it Tomke-biblioteekprogramma foar de biblioteken. De Afûk koördinearret de ûntwikkeling en produksje fan de materialen, ûnderhâldt de kontakten mei de ferskate doelgroepen en fertsjintwurdigers fan de ynstellingen dy't by it Tomke-projekt belutsen binne, fersoarget de korrespondinsje en de notulen, hâldt de fuortgong yn de gaten en ynspirearret de minsken fan de wurkgroep. Foar de útfiering fan it projekt is in wurkgroep aktyf. Dy wurkgroep komt seis kear yn it jier byinoar en draacht by ta in goede ôfstimming en kontinuïteit fan de ferskate aktiviteiten. De Tomke-wurkgroep bestiet út fertsjintwurdigers fan de partisipearjende organisaasjes. De BSF leveret de foarsitter foar de wurkgroep, de Afûk fersoarget it sekretariaat. Troch de kontinuïteit yn de útfiering wurdt it Tomke-projekt op hannen droegen – troch pjutten, âlden, pakes en beppes, gastâlden en liedsters fan de bernsintra. Binnen it projekt wurde regelmjittich nije materialen ûntwikkele en beskikber steld oan bernsintra, gastâlden en biblioteken en foar thús. Haadstik 3 jout in oersjoch fan de leden fan de wurkgroep. Yn Taheakke 1 stiet in oersjoch fan de partisipearjende organisaasjes.

### ***Finansiering***

Yn 2017 krige it Tomke-projekt subsidy fan de provinsje Fryslân en hast alle gemeenten yn Fryslân, te witten:

- Achtkarspelen
- It Bilt
- Dantumadiel
- Dongeradiel
- Ferwerderadiel
- De Fryske Marren
- Hearrenfean
- Kollumerlân
- Ljouwert
- Ljouwerteradiel
- Littenseradiel
- Menameradiel
- Opsterlân
- Súdwest-Fryslân
- Tytsjerksteradiel

By de oanfragen foar subsidy by gemeenten is de hichte fan it oanfrege bedrach basearre op it tal ynwenners fan de oanbelangjende gemeente. Boppedat waard ek troch de Afûk, BSF en Omrop Fryslân in finansjele bydrage levere. Yn haadstik 4 fine jo it finansjele ferslach en de ferantwurding oer 2017.

## 2. Ferslach fan it jier 2017

### **Tema 'Seizoenen'**

It tema foar 2017 wie 'Seizoenen'. Dat betsjutte dat de fjouwer seizoenen as kapstôk brûkt binne foar de ferhalen yn de Tomke-boekjes en alle oare aktiviteiten.

Krekt as yn foargeande jierren binne der binnen it Tomke-projekt trije ynfalshoeken te ûnderskieden. Dat binne: aktiviteiten foar en mei pjutten, aktiviteiten foar en mei opfieders (âlden en professionals) en it ûntwikkeljen fan materiaal foar in meartalige omjouwing yn de foarskoalske perioade.

### **Aktiviteiten foar en mei pjutten**

- De Fryske Foarlêswike
- Tomke yn de biblioteken
  - Nationale Voorleesdagen
  - Fairtradewike
  - Tomke-Toer; poppekast
  - Mei Tomke op de foto
- Tomke op de telefyzje
- Tomke-radio
- Poppekastfoarstelling Tomke en it wûnderaai
- Tomke-apps
- Tomke-website

### De Fryske Foarlêswike

Begjin juny is it foarlêsbokje 'Tomke troch it jier' ferskynd. It boekje waard foarlêzen en fergees útdield yn de Fryske Foarlêswike. Yn de perioade fan 6 o/m 9 juny 2017 waard yn 21 gemeenten, ferspraat oer 368 (2016: 368) bernsintra foarlêzen. De measte bernsintra hawwe mear as ien groep. Mei-inoar is der oan 793 (2016: 737) groepen foarlêzen. Yn in protte gemeenten wie it resultaat 100%, dat wol sizze dat alle bernsintra meidien hawwe. Ek is der by 397 gastâlden (2016: 568) foarlêzen.

Yn 2017 is der foarlêzen oan goed 12.500 (2016: 12.500) pjutten. It Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse organisearre it foarlêzen en it útdielen fan de Tomkeboekjes yn de Fryske Foarlêswike. Om it foarlêzen mooglik te meitsjen wienen der mar leafst 551 entûsjaste foarlêzers aktyf (en 397 gastâlden). In team fan fyftich kontaktpersoanen keppele yn elke gemeente de foarlêzers oan de ferskate lokaasjes.

### Tomke yn de biblioteken

Sûnt it begjin fan it Tomke-projekt binne de Fryske biblioteken behelle by it Tomke-projekt. Tusken it geweldig grutte Nederlânsktalige aanbod fan de lanlike programma's hat Tomke yn de biblioteken syn eigen plakje fûn.

By ferskate aktiviteiten foar de foarskoalske perioade waarden Tomke-materialen brûkt en/of útdield.

Op de Nationale Voorleesdagen yn jannewaris 2017 koenen de pjutten mei harren âlden of pakes en beppes yn de biblioteek it boekje 'Tomke makket in snieman' ophelje. Der waarden mar leafst 5.550 útdielboekjes fergees ferspraat. By dy aksje waarden âlden ynformearre oer meartalich grutbringen en de mooglikheid om bern oant 18 jier fergees lid te meitsjen fan de biblioteek.

Yn de Fairtradewike fan 6 o/m 14 maaie koenen alle pjutten en beukers yn Fryslân fergees it boekje 'Bananen foar Tomke' ophelje. Dat boekje is makke yn opdracht fan de Fairtradewurkgroep Dantumadiel. Om't de provinsje Fryslân entûsjast wie oer it idee, stelden sy ek in subsydzje beskikber. Sa kaam it boekje yn de hiele provinsje beskikber. Der binne sa'n 5000 boekjes útdield yn de Fairtradewike.

Yn de moannen maaie o/m septimber hat de Tomke-Toer plakfûn. Diskear gong it om in poppekastfoarstelling. Poppekastspiler Eric Postma gie mei in spesjale Tomke-poppekast by de biblioteken del. Yn mar leafst tritich biblioteken hat in foarstelling west.

Yn de Fryske Foarlêswike waard it Tomke-boekje 'Tomke troch it jier' yn de biblioteken oan de jongste besikers útdield. Boppedat waard yn dy perioade troch alle biblioteekklusters de aktiviteit 'Mei Tomke op de foto' organisearre. Dêrfoar waarden libbensgrutte Tomke-kostúms mei in heech 'aaiberheidsgehalte' ynset. Sawol troch de bern as harren âlden waard de aktiviteit tige wurdearre. Fansels waard der ek in protte foarlêzen.

### Tomke op de telefyzje

Foar de telefyzje waarden achttjin nije Tomke-ferhaaltsjes skreaun troch Riemkje Pitstra. Luuk

Klazenga fersoarge de yllustraasjes en de stimmen waarden ynsprutsen troch Tamara Schoppert en Douwe de Bildt. Feije van der Meer (Omrop Fryslân) fersoarge de opnamen en hie de einredaksje yn hannen. De nije Tomke-ôfleverings waarden útstjoerd yn novimber en desimber. Yn de rest fan it jier wienen alle wykeinen werhellingen fan de Tomke-ôfleveringen te sjen by Omrop Fryslân yn it programma Tomketiid. Dat is in programma foar pjutten mei Tomke yn de haadrol.

#### Tomke-radio

Sûnt oktober 2015 is Tomke-radio aktyf. Sûnt dat momint is Tomke-radio alle dagen yn 'e loft. De hiele dei binne der sawol ferskes as ferhaaltsjes te hearren. Moarns ferskes en ferhaaltsjes foar de lytste bern en middeis ferskes en ferhaaltsjes foar de wat gruttere bern. En om bêdtiid hinne binne in oere lang ferhaaltsjes te hearren. Tomke-radio is te finen by Omrop Fryslân, fia de site [www.tomke.nl](http://www.tomke.nl) en fia de sites fan de Fryske biblioteken.

#### Poppekastfoarstelling Tomke en it wûnderaai

De poppekastfoarstelling 'Tomke en it wûnderaai' is skreaun troch Riemkje Pitstra. Yn it ferhaal hawwe Tomke, de professor en syn freonen de haadrol. De professor hat in wûnderaai útfûn, mar net ien mei it witte. Yn de tún fan Tomke moat er him ynienen ferstopje en hy lit it wûnderaai lizze. Romke fynt it aai, dat prate kin en ek noch muzyk makket. Fan wa is dat aai? En hoe krijt de professor syn aai werom? De poppekastfoarstelling waard troch Eric Postma fan Erics Poppenkast fan De Lemmer spile. De foarstelling duorre likernôch tweintich minuten en is bedoeld foar pjutten en beukers. De foarstelling wie yn 31 biblioteken te sjen.

#### Tomke-apps

Geskikt foar de tablet binne de apps Tomke boeken en Tomke radio. De Tomke-apps binne fergees en beskikber foar de iPad en Android. De apps binne bedoeld foar pjutten. De app Tomke boeken bestiet út seis Tomke-boekjes op rym. De bylden bewege en it ferhaal wurdt foarlêzen. Nei elk ferhaal kin it bern in spultsje dwaan.

#### Tomke-website

Op de Tomke-website ([www.tomke.nl](http://www.tomke.nl)) is in spesjaal ûnderdiel foar pjutten opnommen. Dêr kinne pjutten spultsjes dwaan en nei lietsjes of ferhaaltsjes harkje.

#### ***Ynformaasjeoarsjenning en materialen***

##### ***foar professionals***

- Tomke-nijsbrief
- Tomke-website [www.tomke.nl](http://www.tomke.nl)
- Doch mear mei Tomke-aktiviteitemap mei oanfoljende digitale materialen
- Tomke-deskundigensbefoarding

##### Tomke-nijsbrief

De nijsbrief foar professionals ferskynde yn 2017 twa kear. Hy waard yn in oplage fan 1.250 stiks ferstjoerd nei alle bernsintra en de jeugdkonsulinten fan de biblioteken. De nijsbrief ynformearre harren oer aktiviteiten, nije materialen en oare saken oangeande Tomke en foarskoalske ûnderwerpen. By de lêste nijsbrief yn novimber 2017 waarden ekstra foarlêstips ferspraat by de ferhaaltsjes oer de hjerst en de winter yn it Tomke-boekje 'Tomke troch it jier'.

##### Tomke-website [www.tomke.nl](http://www.tomke.nl)

De Tomke-website (ek te brûken op in tablet) wurdt trochinoar troch 1.000 unike besikers yn 'e moanne besocht. De website bestiet út spultsjes, ferskes en ferhalen foar de bern en ynformaasje foar âlden en professionals. De website rjochtet him op taal- en lêsbefoarding. De website wurdt kontinu by de tiid holden en de ynhâld fan bygelyks spultsjes, ferhalen, kleurplaten, wurkblêden en taalaktiviteiten wurdt geregeld oanpast oan ferskate tema's dy't passe by de tiid fan it jier en tema's dy't brûkt wurde op bernsintra. Fia de website wurde digitale nijsbrieven ferstjoerd nei sa'n 500 emailadressen en is der nijs oer Tomke te finen. Fia de Tomke-Facebookpagina krije goed 2.400 minsken geregeld nije berjochten fan Tomke. De Pinterest-site fan Tomke hat 200 folgers.

##### Doch mear mei Tomke-aktiviteitemap mei oanfoljende digitale materialen

Yn 2016 hat de Afûk nij VVE-materiaal ûntwikkele mei as titel 'Doch mear mei Tomke'. It materiaal jout suggestjes foar aktiviteiten oan liedsters, sadat sy op in ienfâldige wize mei de bern mei it Frysk oan 'e slach kinne. Handich dêrby is dat de tema's en aktiviteiten oanslute by de Nederlânske metoaden 'Uk en Puk' en 'Piramide'. Al pratende-, lêzende-, sjongende-, dûnsjende-, boartsjende- en nifeljendewei wurdt oan de hân fan tolve tema's de taalûntwikkeling fan bern stimulearre. Mar likegoed de emosjonele, sosjale en motoaryske ûntwikkeling.

By alle tema's is in apart ûnderdiel opnommen foar

poppen en krobber (bern fan 0-2 jier).

Op [www.tomke.nl](http://www.tomke.nl) binne ekstra materialen te finen dy't ien op ien oanslute op de tema's yn de Doch mear mei Tomke-aktiviteitemap.

Yn 2017 kaam de twadde printinge fan de Doch mear mei Tomke-aktiviteitemap út.

#### Tomke-deskundigensbefoarding

De wurkgroep hat de ôfrûne jierren ynspiraasjejûnen organisearre foar liedsters, mar fanwegen in weromrinnend tal besikers is socht nei in oare foarm fan deskundigensbefoarding. Yn it ôfrûne jier is besocht om by in oantal koepels oan te sluten by harren besteande byienkomsten foar liedsters. It doel dêrfan wie om foarljochting te jaan oer meartaligens, in taljochting op it 'Doch mear mei Tomke'-materiaal en hoe't liedsters dêrmei oanslute kinne by de oare VVE-programma's. Der hat kontakt west mei de SKF. De SKF hat de (frijwillige) foarljochting opnommen yn harren opliedingsoanbod fan oktober. De útfiering dêrfan is net mear pland yn 2017. Ek berne-opfangorganisaasje Kinderwoud is benadere foar de foarljochting. Yn febrewaris 2018 sil it ûntwikkele programma útfierd wurde yn in byienkomst fan liedsters fan lokaasjes fan Kinderwoud. Dêrneist wurdt der wurke oan it idee om in module foar MBO-studenten te ûntwikkeljen mei as tema 'Taalstimulearjend wurkje mei de Tomke-pop'. Dat slút oan by de 'Doch mear mei Tomke'-aktiviteitemap. De lesbrief/lessesearje soe ûnderdiel wurde kinne fan in module Frysk. Eventueel soenen memmetaalsprekkers dy't aktyf binne yn de earste groepen fan it basisûnderwiis letter ek gebrûk meitsje kinne fan de les.

#### **Materialen foar pjutten en opfieders**

- Tomke-boekje 'Tomke makket in snieman'
- Tomke-boekje 'Bananen foar Tomke'
- Tomke-boekje 'Tomke troch it jier'
- Tomke-poster
- Heit & mem
- Undersyk nei it effekt fan Tomke
- Tomke yn de Taletún

#### Tomke-boekje 'Tomke makket in snieman'

Ta gelegenheid fan de Nationale Voorleesdagen yn jannewaris 2017 waarden troch de biblioteken 5.550 eksimplaren fan it boekje 'Tomke makket in snieman' fergees útdield oan de jongste biblioteekbesikers. It boekje bestie út in ferhaal, in opsiferske en in spultsje. Diskear wie Riemkje Pitstra de skriuwster.

Luuk Klazenga fersoarge de yllustraasjes.

#### Tomke-boekje 'Bananen foar Tomke'

Yn de Fairtradewike fan 6 o/m 14 maaie koenen alle pjutten en beukers yn Fryslân fergees it boekje 'Bananen foar Tomke' ophelje. It boekje is makke yn opdracht fan de Fairtradewurkgroep Dantumadiel. Om't de provinsje Fryslân entûsjast wie oer it idee, stelden sy ek in subsydzje beskikber. Sa kaam it boekje yn de hiele provinsje beskikber. Der binne sa'n 5000 boekjes útdield yn de Fairtradewike.

#### Tomke-boekje 'Tomke troch it jier'

Yn de Fryske Foarlêswike is it Tomke-temaboekje útdield. It foarlêswike ferskynde yn in Frysktalige, in Stellingwerfske en in Biltske ferzje. It boekje befettet in ferskaat oan ferhaaltsjes dy't passe by de ferskillende seizoenen. Der steane acht ferhaaltsjes yn oer hoe't Tomke it foarjier, de simmer, de hjerst en de winter belibbet, mar ek fjouwer oare ferhaaltsjes oer de seizoenen. Sa kin it boekje it hiele jier troch brûkt wurde om út foar te lêzen en om mei te boartsjen. Neist de ferhaaltsjes stienen yn it foarlêswike ek wer withoefolle yllustraasjes, in opsiferske, in ferske, in strikke en in útnimber memoryspultsje. Ek is der ynformaasje opnommen oer it Tomke-projekt, Fryske printeboeken en oare media. It 28 siden tellende boekje waard foarmjûn yn de karakteristike en werkenbere Tomke-styl troch Monique Vogelsang. Riemkje Pitstra en Geartsje Douma hawwe de Tomke-ferhaaltsjes skreaun. Mirjam van Houten skreau yn 2017 ek fjouwer ferhaaltsjes. De yllustraasjes waarden fersoarge troch Luuk Klazenga en Mirjam van Houten.

It Tomke-boekje ferskynde begjin juny en waard fergees distribuearre fia it netwurk fan de biblioteken en de konsultaasjeburo's. It grutste part waard útdield troch de foarlêzers yn de Fryske Foarlêswike. De oplage wie foar de Fryske ferzje 27.250 eksimplaren, 1.000 foar de Stellingwerfske en 600 foar de Biltske.

#### Tomke-poster

De Tomke-poster, mei dêrop de yllustraasje fan de foarkant fan it Tomke-boekje, makke wer diel út fan it oanbod. Dit jier waarden de posters ek wer ophongen yn biblioteken, bernsintra, wachtkeamers, konsultaasjeburo's, gemeentehuzen en buerthuzen. Boppedat hawwe de bernsintra dy't meidien hawwe oan de Fryske Foarlêswike yn oparbeidzjen mei it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse



in úttearposter krigen dy't oansleat by it Tomketemaboekje.

### Heit & mem

Heit&Mem is in twatalich (Frysk en Nederlânsk) tydskrift foar jonge âlden. Yn 2017 brocht de Afûk trije nûmers út. Ien nûmer (De lytse heit&mem) waard fia it Taalkado ferspraat, twa (reguliere) nûmers yn in oplage fan 35.000 eksimplaren waarden rûnom yn Fryslân ferspraat op mear as 400 plakken lykas biblioteken, sikehûzen, basisskoallen en bernsintra. Neist it blêd is der de site [www.heitenmem.nl](http://www.heitenmem.nl). Dy hat sa'n 20.000 besikers yn 'e moanne. It blêd en de site jouwe ek ynformaasje oer it Tomke-projekt en oer it meartalich grutbringen fan bern.

### Undersyk nei it effekt fan Tomke

Stichting Lezen hat yn gearwurking mei de BSF en de Afûk in ûndersyk útsetten. Partoer hat it ûndersyk útfierd. Sa'n 350 âlders fan pjutten hawwe de enkête ynfolle oer it Tomke-projekt. It doel wie om in goed byld te krijen fan de effekten dy't de ferhalen en materialen fan Tomke hawwe op de meartaligens en de Fryske (foar)lêskultuer.

Neist de enkête binne groepspetearen holden mei in oantal âlders fan pjutten yn Ljouwert en Dokkum. Dat levere oanfoljende ynformaasje op. Ynkoarten wurdt dúdlik hoe't âlders it brûken fan it Tomke-materiaal ûnderfine, wat harren winsken en ferletten binne omtrint it Tomke-projekt en oft Tomke echt in positive ynfloed hat op de taalúntwikkeling fan de bern neffens de âlders.

### Tomke yn de Taletún

Yn 2018 is Ljouwert Kulturele Haadstêd fan Europa. De Prinsetún wurdt dan de Taletún. Yn de Taletún wurde taalaktiviteiten organisearre foar bern fan 2 o/m 12 jier. Tomke krijt in moai plakje yn it programma fan de Taletún. Spesjaal foar de Taletún is in nij temakatern ûntwikkele foar de 'Doch mear mei Tomke'-aktiviteitemap. Pjutte-opfanglokaasjes dy't mei harren pjutten nei de Taletún komme foar it edukative programma, krije it katern fergees, lykas de hjoeddeistige brûkers fan de aktiviteitemap.



### 3. Leden fan de Tomke-wurkgroep

Yn 2017 bestie de wurkgroep út de folgjende leden:

- Gertrud Palstra / Bibliotheekservice Fryslân, coördinatie
- Janneke Straatsma / Bibliotheekservice Fryslân
- Tjitske van Dijk / Afûk, koördinaasje
- Lisa Boersma / Afûk
- Mirjam van der Hoek / SFBO
- Mieke Vos / Cedin

### 4. Tomke financieel verslag 2017

| <b>TOMKE Jiergong 21</b>                                 |               |                 |               |
|--|---------------|-----------------|---------------|
|  | jierrek. 2017 | begrutting 2017 | jierrek. 2016 |
| <b>Lesten</b>  |               |                 |               |
| <b>Materiaal</b>   |               |                 |               |
| Tomke-boekjes, Frysk, Stellingwerfs en Skiermûntseagersk | 15.610        | 14.000          | 16.746        |
| Oare Tomke-materialen                                    | 3.166         | 5.500           | 803           |
| <b>Eveneminten</b>                                       |               |                 |               |
| Telefyzje-útstjoerings                                   | 35.524        | 57.500          | 35.449        |
| Tomke-yndspiraasjejûnen                                  | 0             | 16.500          | 3.712         |
| <b>Distribúsje</b>                                       |               |                 |               |
| Kosten fan fersprieding                                  | 116           | 2.000           | 299           |
| Jierferslach   | 2.475         | 0               | 221           |
| <b>Organisaasje</b>                                      |               |                 |               |
| Burokosten / projektkoördinaasje Afûk                    | 15.973        | 15.000          | 11.590        |
| Ekstra oeren Afûk  | 0             |                 | 4.300         |
| Burokosten / projektkoördinaasje BSF                     | 13.768        | 8.000           | 14.168        |
| Finansjele begelieding                                   | 1.500         | 1.500           | 1.500         |
| Unfersjoen   | 0             |                 | 0             |
| <b>TOTAAL LESTEN</b>                                     | <b>88.132</b> | <b>120.000</b>  | <b>88.787</b> |
| <b>BATEN</b>   |               |                 |               |
| <b>Subsydzjes</b>  |               |                 |               |
| Subsydzje Provinsje Fryslân                              | 25.000        | 25.000          | 25.000        |
| Subsydzje Gemeenten                                      | 26.180        | 25.000          | 26.277        |
|  | <b>51.180</b> | <b>50.000</b>   | <b>51.277</b> |
| <b>Materiaal</b>   |               |                 |               |
| Ferkeap Tomke-materialen                                 | 2.852         | 3.000           | 1.918         |
| <b>Eveneminten</b>                                       |               |                 |               |
| Entree dielnimmers Tomke-yndspiraasjejûnen               | 0             | 1.000           | 893           |
| <b>Organisaasje</b>                                      |               |                 |               |
| Eigen bydrage dielnimmers                                | 34.100        | 66.000          | 34.701        |
| <b>TOTAAL BATEN</b>                                      | <b>88.132</b> | <b>120.000</b>  | <b>88.787</b> |

# Taheakke 1: Partisipearjende organisaasjes

## **Platfoarm Lêsbefoarding Fryslân (PLF)**

It PLF is in oerkoepeljend orgaan yn de provinsje Fryslân, mei as doelstelling it stimulearjen fan ûnderlinge gearwurking. De kearnzaak fan it PLF is it koördinearjen fan projekten foar taal- en lêsbefoarding. It PLF wol him ynsette foar in meartalich lêsklimaat yn de hiele provinsje en fungearret dêrby as oansprekpunt foar subsydzjeferlieners, polityk en beliedsmakkers. De lanlike Stichting Lezen – in wichtich pleitbesoarger foar de twadde rykstaal – sit ek yn dit oerlisorgaan. Troch it PLF wurde subsydzje-oanfragen yntsjinne en wurdt de fuortgong fan it Tomke-projekt yn 'e gaten holden. De BSF fersoarget it sekretariaat fan it PLF.

## **Afûk - [www.afuk.nl](http://www.afuk.nl)**

De Afûk wol de Fryske taal en kultuer ticht by de minsken bringe. Dêr set de Afûk ferskillende middels foar yn, sa as: it oanbieden fan kursussen Frysk, it ûntwikkeljen en beskikber stellen fan Frysktalich materiaal en it (meiwurkjen oan it) organisearjen fan aktiviteiten wêrby't de doardielen fan meartaligens yn it algemien en de kulturele wearde fan de Fryske taal yn it bysûnder ûnder de oandacht brocht wurde. Binnen it Tomke-projekt soarget de Afûk benammen foar it ûntwikkeljen en produsearjen fan materialen en it ûnderhâlden fan kontakten mei de doelgroepen en organisaasjes. Dy wurkwiize soarget foar effisjinsje en befoarderet de gearhing mei oare programma's.

## **Bibliotheekservice Fryslân - [www.debsf.nl](http://www.debsf.nl)**

Bibliotheekservice Fryslân stipet as provinsjale service-organisaasje de Fryske biblioteken by it útfieren fan harren wurk troch it oanbieden fan fasiliteit tsjinsten, it ûntwikkeljen en oanbieden fan nije produkten en tsjinsten en troch lanlike projekten op provinsjale en lokale skaal oer te setten. De BSF fiert in aktyf belied om it lêzen yn it Frysk te befoarderjen. Binnen it Tomke-projekt hat de BSF benammen in koördinearjende rol. It finansjele part fan it Tomkeprojekt (jierferslaggen fersoargje, subsydzje-oanfragen) is by de BSF ûnderbrocht. De Tomkeaktiviteiten foar de biblioteken wurde troch de BSF opset en koördinearre. It ferfier fan de Tomkeboekjes nei de biblioteken wurdt ek troch de BSF regele.

## **De gearwurkjende biblioteken yn Fryslân; FBN**

De provinsje telde yn 2017 fiif biblioteekklusters:

1. Noard-Fryslân
2. Mar en Fean
3. Midden-Fryslân
4. Súdeast-Fryslân
5. Smellingerlân

Ut dy klusters wei wurde de biblioteken (filialen) en de “de Bibliotheek op school” skoallen oanstjoerd. Binnen it Tomke-projekt spilet it netwurk fan biblioteken in rol by de distribúsje fan de Tomkematerialen, aksjes om Tomke hinne, it jaan fan ynformaasje oer meartalich opfieden oan âlden en fansels it beskikber stellen fan (foar)lêsmateriaal.

## **Cedin Taalsintrum Frysk – [www.cedin.nl](http://www.cedin.nl)**

Taalsintrum Frysk is in ûnderdiel fan it Centrum voor Educatieve Diensten Cedin. It hâldt him benammen dwaande mei meartalich taalbelied en stribbet dêrby nei in lykwaardige posysje fan de Fryske taal. Binnen it Tomke-projekt tinkt Cedin ûnder oare mei oer de edukative aspekten fan it Tomke-projekt en wienen hja einferantwurdlik foar it oanbod op it mêd fan deskundigensbefoarding.

## **Sintrum Frysktalige Berne-Opfang (SFBO)**

It SFBO is it ynformaasje-, kennis- en stipepunt op it mêd fan meartaligens en taalstimulearring yn de foarskoalske perioade. De provinsje Fryslân stelt de SFBO yn de gelegenheid om pjutteboartersplakken en berneideiferbliuwen te stypjen by it ûntwikkeljen fan in Frysk of twatalich taalbelied.

It SFBO hat in permaninte fertsjintwurdiger yn de Tomke-wurkgroep. Harren ynbring soarget der mei foar dat de ûntwikkele materialen goed oanslute by it ferlet fan de pedagogyske meiwurkers.

## **Omrop Fryslân – [www.omropfryslan.nl](http://www.omropfryslan.nl)**

De regionale telefyzje fersoarget nijs en ynformaasje út en oer Fryslân, makket eftergrûnprogramma's, soarget foar ûntspanning en muzyk. Foar bern is der alle jûnen in spesjaal programma. Yn gearwurking mei Cedin fersoarget Omrop Fryslân skoalleútstjoerings foar radio en telefyzje. Binnen it Tomke-projekt fersoarget de Omrop it ûntwikkeljen en útstjoeren fan de Tomke ôfleveringen op telefyzje. Sûnt 18 oktober 2015 fersoarget de Omrop Tomke-radio.

### ***Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse***

It Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse stipet de Fryske taal en kultuer. Yn gearwurking mei de Tomke-wurkgroep wol it Selskip it lêzen en it foarlêzen oan pjutten in stimulâns jaan. It soarget derfoar dat foarlêzers en boartersplakken mei-inoar yn kontakt brocht wurde. Alle jierren organisearret it Selskip de Fryske Foarlêswike. De foarlêswike is in gearwurkingsprojekt tusken it Selskip en it Tomke-projekt. It doel fan de Fryske Foarlêswike is om alle jierren yn dy wike foar te lêzen oan pjutten op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen, by gastâlders en yn biblioteken. De organisaasje fan it foarlêzen op de pjutte-opfang leit yn hannen fan it Selskip. De materialen (boekje, poster, prmaterial) wurde fersoarge troch it Tomke-projekt.

### ***De thússoarchorganisaasjes***

De thússoarchorganisaasjes binne behelle by de soarch foar konsultaasjeburo's, begelieding, kontakten en kursussen. Sy binne der foar âlders en bern. Binnen it Tomke-projekt spylje sy in rol yn it berikken fan jonge âlders troch de distribúsje fan it Tomke-boekje.